

Hotso Spanninga (2012) Gulden Vrijheid? Politieke cultuur en staatsvorming in Friesland, 1600-1640

Hilversum: Verloren

Gjalt Jelsma

Gulden Vrijheid? is it resultaat fan in promoasjeûndersyk nei de Fryske sosjaal-politike elite yn 'e tiid fan 'e 'Republiek'. Fryslân wie doe (1581-1795) in ûnderdiel fan 'e 'Republiek der Verenigde Nederlanden'. De Republyk wie yn 'e earste helte fan 'e 17^{de} iuw yn oarloch mei Spanje. Dat ferge doe in soad tiid en jild fan 'e Republyk; jild dat de gewesten meinoar opbringe moasten. Fryslân woe (en koe) dêr net altyd oan foldwaan. Fryslân berôp him op syn histoaryske 'Fryske frijheid', mar wie ek net bysteat om thús de nedige belesting te heffen. Fryslân, sa wurdt út *Hotso Spanninga* syn boek dúdlik, wie polityk ynstabyl; der wie in soad spul ûnderinoar en dêrom te min beslútfeardigens, sadat it slim efterop reke mei de betellings.

Soks sinnige de Republyk mei as bestjoerssintrum Den Haach útsoarte net. Om it gewest Fryslân derop te fergjen dat it syn bydrage leverje moast, reizge in ôffurdiging fan 'e 'Raad van State', as útfierend orgaan fan 'e Republiek, út Den Haach wei yn jannewaris 1637 ôf nei Fryslân. Dat barde yn rydtugen oer lân súdlik by de Sudersee lâns en ek op sliden oer iis nei Ljouwert. Doel wie om Fryslân te bewegen it jildlike oanpart te leverjen foar de oarloch mei Spanje. Fryslân moast 11% fan 'e mienskiplike lêsten fan 'e Republyk foar benammen leger en float opbringe. De Friezen wiene lykwols net maklik oer te heljen om te beteljen. Al earder wie de Raad van State oprûn tsjin 'e ûnmacht en 'e ûnwil fan 'e Friezen om by te dragen yn 'e lêsten fan 'e Republyk. It gie al mei al allegear wakker stroef om en ta. Neffens *Hotso Spanninga* like it op twa ferskillende kultueren: oan 'e iene kant it Hollânske konsensusmodel ('poldermodel'), om ta in kompromis te kommen, oan 'e oare kant it Fryske frijheidsmodel of, sa't men wol, it konfliktmodel, dat skraachwurk ta beslúfoarming late. As oerbliuwsel faaks fan 'e eardere fetemaatskippij fan Skieringers en Fetkeapers yn Fryslân.



W. Bergsma (2012)

Enege gedenckwerdege geschiedenissen.
Kroniek van de Friese militair Poppo van Burmania
uit de Tachtigjarige Oorlog

Hilversum: Verloren

Rients Faber

Al yn 2002 waard Wiebe Bergsma oantrune om Poppo van Burmania (1603-1674) syn *Geschiedenissen* te publisearjen. Poppo van Burmania wie oant dan in hast ûnbekende kronykskriuwer. En soks, wylst syn kronyk wier wol fan betsjutting is foar de Fryske skiednis en 'e militêre skiednis fan Nederlân yn 'e 17de iuw. Troch dizze útjefte is in stikje ferburgen skiednis wer tagonklik wurden.

Oan alle kanten docht bliken, dat de útjefte mei soarchfâldigens ta stân brocht is troch Wiebe Bergsma, in man dy't in oeuvre fan sa likernôch 70 titels op syn namme hat. Hoe mâl lykwols kin it somtiden gean! Yn juny fan dit jier kaam Bergsma hommels te ferstjerren en mei sa'n útjefte sjocht men watfoar saakkundigens oft der dan samar ferdwynt. Mar mear, ek in persoanlikheid. In fleurige man, dêr't men noflik mei pe-
tearje koe oer gâns saken út it wjerstribbige libben.

De kronyk fan Poppo van Burmania ferhellet oer in tiid doe't der in soad strideraasje yn Nederlân wie: de twadde helte fan 'e Tachtichjierrige Oarloch en dêrnei de oare militêre konflikten dêr't de jonge 'Republiek der Nederlanden' yn behelle rekke. De eallju tsjinnen yn dy tiid faak as ofsier yn it Steatske leger, allyksa fûnen yn Fryslân de soannen fan 'e eardere haadlingen it in eare om yn it leger te tsjinjen.

Poppo syn heit wie kaptein yn dat leger en siet mei syn frou yn Ostende, doe't Poppo yn 1603 berne waard. Letter kaam Poppo sels yn tsjinst fan it Steatske leger en luts er rûnom troch de Nederlannen. Sûnder omhaal fan wurden ferhellet er oer de wredens fan it kriichsbedriuw. Hy jout ek in soad omtinken oan de minsken út it nêst fan 'e Oranjes en Nassaus, dêr't er kontakt mei hie.

It boek bestiet út trije parten: in stúdzje fan Wiebe Bergsma oer de persoan fan Poppo van Burmania en syn kronyk (9-76); in kritysk-normalisearjende útjefte fan 'e kronyk mei ferhelderjende fuotnoaten (77-180) en treds sân bylagen (181-198) mei û.o. in genealogy. Fierders in lyts glossarium, in literatuerlist en in yndeks op persoans- en plaknammen.



Gisela Hofmann (2015)
Mittelalterliches Alltagsleben im Spiegel der
altfriesischen Terminologie. Mit Ergänzungen
aus zeitgenössischen niederländischen Quellen

(Nach der handschriftlichen Materialsammlung von
Dietrich Hofmann für das Altfrisische Handwörterbuch)

Grins / Kiel:

Frysk Ynstitút / Nordfriesische Wörterbuchstelle Christian-Albrechts-Universität

Rients Faber

De titel fan dit boek lit fuortendaliks al sjen hoe't wurden yn harren ferwi-zingsfunksjonaliteit hiel ferskillend wêze kinne. Wat yn de iene taal troch ien wurd ferdútst wurdt, hat yn in oare taal mear wurden nedich: das Alltagsleben, it deistich libben. En dan is it earste begryp krekt noch in bytsje 'skerper'.

De semantyske funksjonaliteit fan wurden is in nijsgjirrich mêd. Foar histoary ek! Wurden út in eardere faze fan in taal kinne ús nammentlik wat fertelle oer de libbensstyl en -gewoanten fan ús fiere foarâlden. Der kin in hast argeologysk rekonstruksjeferhaal makke wurde mei help fan wurden út it Aldfrysk. As de betsjutting fan wurden dúdlik is, kin boppedat it ferhaal minder hypotetysk wêze as dat fan de potten en pannen, siedsjes en seadden, dy't troch de argeologen rieplachte wurde.

Yn it boek *Mittelalterliches Alltagsleben im Spiegel der altfriesischen Terminologie* wurdt it jierrenlang samle wurdmateriaal fan Dietrich Hofmann as útgongspunt brûkt foar in tematyske oardering. In oardering dy't typearre wurdt yn sân gebieten fan it minsklik bestean: de bou fan in hûs en de opset fan in wenstee; romte-yndieling en ynrjochting fan in wenhûs; ynrjochtingssguod en gebrûksfoarwerpen; it iten en drinken en de fiedingsmiddels; lânbou; feefokkerij, domisearre en wylde bisten; klean en oar tekstyl. Dat wichtige part fan it boek beslacht 141 siden, folge troch in 'Quellennachweise' fan 206 siden, in wurdyndeks fan 40 siden en in literatuerlist.

Yn har gearfetting konludearret de besoarchster Gisela Hofmann, dat bliken docht, dat yn de Aldfryske boarnen in grut tal termen oerlevere is dy't it mooglik meitsje om it deistich libben yn it midsiuwske Fryslân fan binnenút te besjen. Sy hopet dan ek dat faklju fan oare dissiplines, lykas folkskundigen, kultuerhistoarisy en agraryske wittenskippers, fertuten fan har boek hawwe sille.

↑

Bernard Smilde mei meiwurking fan Rudolf Rasch (2015)
 Jaques Vredeman – *Musica miscella* en oare wurken /
and other works

Ljouwert / Utert:

Fryske Akademy / Koninklijke Vereniging voor Nederlandse Muziekgeschiedenis

Beart Oosterhaven





Jaques Vredeman (1558/9-1621) hat in bysûnder plak yn 'e skiednis fan 'e muzyk yn Fryslân. Hy wie nammentlik de earste komponist fan wa't bekend is, dat er muzyk skreaun hat op Fryske teksten. Hy is nei alle gedachten berne te Mechelen en moat yn Ljouwert oankommen wêze yn 1589, dêr't er syn fierdere libben bliuwe soe. Hy spile in wichtige rol yn it muzyklibben fan 'e Fryske haadstêd, as foarsjonger yn 'e Grutte of Jakobinertsjerke, as muzyklearaar oan 'e Latynske skoalle en as lieder fan it pleatslike Collegium Musicorum.

Fan Jaques Vredeman kaam yn 1602 in bondel út mei as titel *Musica miscella* ('muzikale grienmank'). Yn dy bondel stiene syn al neamde Fryske komposysjes, mar ek madrigalen op Italiaanske teksten en sjansons op Frânske teksten.

De teolooch, musikolooch en sels ek komponist dr. Bernard Smilde (1922-2014) fan Ljouwert, krige al yn syn stúdzjetiid oan it Grinzer 'Muzieklyceum' (de foargonger fan it hjoeddeiske 'Prins Claus Conservatorium'), begjin sechstiger jierren fan 'e foarige iuw, niget oan Vredeman syn bysûndere wurk. Dy niget makke, dat er him, al ferskate desennia lyn, sette ta it yn modern noateskrift omsetten fan Vredeman syn *Musica miscella*. Yn 2002 naam Smilde it beslút om 'e nije útjefte fan 'e *Musica miscella* foarôfgean te litten troch in wiidweidige ynliedende stúdzje. Fan 2006 ôf krige er by it skriuwen fan dy stúdzje stipe fan 'e musikolooch en grut saakkundige op it mêd fan 'e muzyk út 'e tiid fan 'e Nederlânske Republyk, dr. Rudolf Rasch fan 'e universiteit fan Utert.

Bernard Smilde ferstoar op 30 augustus 2014, 92 jier âld. Om syn earder al ôfnimmende sûnens hat er net alhielendal dien-wurk meitsje kinnen mei syn 'lêste grutte put', de nije útjefte fan Vredeman syn *Musica miscella*. Dat hat Rudolf Rasch dien yn 'e jierren 2013-2015, mei stipe út 'e Fryske Akademy wei fan 'e skriuwer fan dit stikje.

Dizze nije, twatalige (Frysk en Ingelsk), útjefte befettet dus in hjoeddeiske transkripsje fan 'e *Musica miscella*, mar ek komposysjes fan Jaques Vredeman dy't te finen binne yn oare útjeften út syn tiid. Dy komposysjes toane Vredeman as in alsidich komponist yn in ferskaat fan muzikale



Oankundiging

sjenres dy't it fertsjinje om better bekend te wêzen as oant hjoed de dei
it gefal wie.

